

**Oan de leden fan de *Feriening Frysk Underwiis***

130422.FFU

Itens, 4 april 2013

*Underwerp*: útnoeging foar de jiergearkomste fan de FFU op 22 april 2013

Achte leden,

Yn de útnoeging foar de jiergearkomste fan ferline jier skreau ik - lykas in jier earder ek al - dat der foar it Frysk yn it ûnderwiis noch in wrâld te winnen falt. Dit kear is it spitigernôch net folle better. Maatregels, dy't it Frysk yn 'e skoallen fersterkje kinne, wurde net nommen. Yn de provinsjale beliedsnoata *Grinzen oer* besiket de provinsje om mei in ferliedingsstratêge de skoallen oan te trunen om it Frysk in (better) plak te jaan (de provinsje hat gjin foech oer it ûnderwiis en it ryk wol dy macht net oerdrage). In suver ûnmooglike striid. Boppedat binne lang net alle Fryske Steateleden foar in goed en folweardich ûnderwiis yn it Frysk. 'Demokratysk' sjoen is der sawol op ryks- as provinsjaal nivo noch gjin sicht op in politike mearderheid dy't foar op syn minst lykweardigens fan it Frysk oan it Hollânsk yn 'e skoallen soargje kin.

Dat der fan in status quo op it taalmêd gjin sprake is, bewiist in koartlyn útbrocht ûndersyk fan it *Sintrum Frysktalige Berne-opfang* (SFBO) nei de oerdracht fan it Frysk yn Frysk- en meartalige húshâldings. De konklúzje dêrfan wie dat as de taalomjouwing bûten de húshâlding eins folslein Hollânsk talich is, de jonge bern tsjin de Fryskpratende mem en/of heit yn 'e hûs it Hollânsk begjinne te brûken. Op syn meast binne de bern noch passyf Frysktalich. As dy trend trochset, wurdt it tal Frysktalige bern yn de skoallen foar basis- en fuortset hieltyd lytser en sil de polityk navenant minder ree wêze om maatregels te nimmen dy't rjochte binne op de emansipaasje fan de twadde rykstaal. It argumint sil dan wêze dat der hieltyd minder ferlet fan is en de learlingen sil it dan net yn 'e wei wêze as it Frysk net mear jûn wurdt.

It bestjoer makket him soargen oer de takomst foar it Frysk. Net allinnich yn it ûnderwiis, mar ek oer it brûken fan it Frysk yn maatskippij. Lykwols sjogge wy noch wol kânsen en mooglikheden en tinke dat it in goed ding is om yn ús globalisearjende wrâld ús taal libben te hâlden. It Frysk is ien fan de finsters op 'e wrâld en foarmet (mei) de identiteit fan in mienskip.

**Wy noegje jimme út foar de FFU-jiergearkomste op 22 april 2013, de jûns om 19.30 oere op ús fêst bestjoersadres: Bleekhof 55 yn Ljouwert (adres fan *Klaske Straatsma*).**

Jimme kommen betsjut dat jimme (ek) meitinke wolle oer goed ûnderwiis yn ús provinsje. Underwiis dat net langer ôfbrekt, mar dat útgiet fan de Frysktalige mienskip, sûnder it sicht op de wrâld bûten Fryslân te ferliezen.

Sjoch foar it programma de folgjende side.

*It programma sjocht der sa út:*

1. Iepenjen
2. Ferslach jiergearkomste 23 maaie 2012
3. Jierferslach 2012
4. Finansjeel oersjoch 2012
5. Bestjoerswiksel/materiaal foar it winnen fan nije leden
6. Nijs oer de trijetalige pabû (Geart Tigchelaar)
7. Yntegrale metoaden foar better ûnderwiis (Tom Dykstra)
8. Wat fierder op it aljemint komt
8. Omfreegjen en sluten

Yn ferbân mei it klearsetten fan de stuollen, tee/ kofje (mei wat derby) is it saak dat jimme efkes berjocht jouwe as jimme fan doel binne om te kommen. Graach foar **19 april** nei ien fan de neikommende adressen:

- de skriuwer, till. 0512-518927 of e-post [ffupost@hotmail.com](mailto:ffupost@hotmail.com)
- de foarsitter, till. 0515-331868 of e-post [dijkstrathomas@hotmail.com](mailto:dijkstrathomas@hotmail.com)

Th. Dykstra,  
*foarsitter FFU*

#### **Taheakke:**

- ferslach jiergearkomste 23 maaie 2012
- jierferslach 2012
- finansjeel ferslach 2012
- strypke foar de kontribúsje

#### **Kontribúsje**

Sûnder jo bydrage kinne wy neat út 'e wei sette. De ponghâlder soe foar 2013 (of earder) graach de kontribúsje ynbarre wolle:

- a. De bydrage foar 2013 fan **€10** (wat mear is fansels tige wolkom) graach oermeitsje op rekkennû. 23.56.038 op namme fan: **FFU, E. Knotter, Beetsterzwaag**.
- b. As jo de kontribúsje foar *eardere* jierren noch net oermakke hawwe, soene jo dat dan ek noch ynoarder meitsje wolle (sjoch ús omsirkeling)?

Jo kontribúsje oer de jierren 2008/2009/2010/2011/2012 hawwe wy **al / noch net** krige.

Bedrach €.....

De ponghâlder

**Tige tank (en hooplik oant sjen)!**